# PARSEBERJOCHT

4 novimber 2016

## Baskyske film Amama útstjoerd by Omrop Fryslân

**It is in bekend probleem. Bedriuwsopfolging, of yn dit gefal: wa nimt it boerebedriuw fan heit oer? Yn de bûtenlânske film 'Amama' stiet dy wrakseling sintraal. Ta gelegenheid fan it Noordelijk Film Festival yn Ljouwert stjoert Omrop Fryslân op freed 11 novimber de film Amama út op Omrop Fryslân Telefyzje. Omrop Fryslân fertoant de film mei Fryske ûndertitels.**

Amama giet oer in Baskyske boerefamylje dy't wrakselet mei it probleem fan de bedriuwsopfolging. In famyljedrama, dat him ôfspilet ûnder de eagen fan Amama (beppe). Wa nimt de boerepleats oer fan heit? De âldste soan emigrearret, de jongste wurdt ûngeskikt fûn. De druk komt folslein by de dochter te lizzen, wylst sy gjin boerinne mar keunstner wêze wol. De tematyk fan it boerebestean yn Baskelân is ek foar it Fryske plattelân werkenber. Want hoefolle Fryske boeren wrakselje wol net mei de opfolging?

De Baskyske sinema hat de lêste jierren in heech nivo berikt. De film is makke foar in ynternasjonaal publyk, mei in cast dy't bestiet út profesjonele akteurs en amateurs. De beppe, Amama,makke op har 80$^{ste}$ har debút yn dizze film.

Amama wie yn febrewaris 2016 te sjen yn filmhûs Slieker yn Ljouwert. It is unyk dat in Baskyske film yn it Frysk ûndertitele is. Dit projekt is útfierd mei tank oan EBLT, Fûûns fwar it Frysk, Kulturele Haadstêd Donostia-San Sebastián en Provinsje Fryslân.

<u>Amama</u>
Freed 11 novimber om 21.00 oere op Omrop Fryslân Telefyzje.

---

**Noat foar de redaksje:**
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT

4 november 2016

## Baskische film Amama uitgezonden bij Omrop Fryslân

**Het is een bekend probleem. Bedrijfsopvolging, of in dit geval: wie neemt het boerenbedrijf van vader over? In de buitenlandse film 'Amama' staat die worsteling centraal. Ter gelegenheid van het Noordelijk Filmfestival in Leeuwarden zendt Omrop Fryslân op vrijdag 11 november de film Amama uit op Omrop Fryslân Televisie. Omrop Fryslân vertoont de film met Friese ondertitels.**

Amama gaat over een Baskische boerenfamilie die worstelt met het probleem van de bedrijfsopvolging. Een familiedrama, dat zich afspeelt onder de ogen van Amama (oma). Wie neemt de boerderij over van vader? De oudste zoon emigreert, de jongste wordt ongeschikt gevonden. De druk komt volledig bij de dochter te liggen, terwijl zij geen boerin maar kunstenaar wil zijn. De thematiek van het boerenbestaan in Baskenland is ook voor het Friese platteland herkenbaar. Want hoeveel Friese boeren worstelen wel niet met de opvolging?

De Baskische bioscoop heeft de laatste jaren een hoog niveau bereikt. De film is gemaakt voor een internationaal publiek, met een cast die bestaat uit professionele acteurs en amateurs. De oma, Amama, maakte op haar 80$^{ste}$ haar debuut in deze film.

Amama was in februari 2016 te zien in filmhuis Slieker in Leeuwarden. Het is uniek dat een Baskische film in het Fries ondertiteld is. Dit project is uitgevoerd met dank aan EBLT, Fûûns fwar it Frysk, Culturele Hoofdstad Donastia-San Sebastián en Provinsje Fryslân.

Amama
Vrijdag 11 november om 21.00 uur op Omrop Fryslân Televisie.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.